


Dorpscanon van Folsgeare

De Tempel fan Folsgeare

De tempel fan Folsgeare



© kaart: Kadaster 1832

Midden 19e iuw stie der oan'e Tsjaerddyk in hûs dat yn'e folksmûle "de Tempel" neamd waard. It hûs krige nei alle gedachten dizze namme, om't der op in lyts oerflak safolle minsken wennen. Yn dir finster wurdt de histoarje fan it gebou en syn bewenners beskreaun.

Yn 1751 trout timmerman Edger Scheltes út Ysbrechtum mei in famke út Folsgeare, Ymkje Freerks. It stel set har yn Folsgeare te wenjen (Tsjaerddyk 42). Edger timmeret in soad foar de tsjerke. Dat is werom te finen yn it tsjerke archyf as hy reparaasjes dien hat. Yn 1783 komt Edger te ferstjerren. Neffens it tsjerke-archyf folget syn jongste soan Freek him op as timmerman. Oant it jier 1791 wurdt hy regelmjittich neamd by tsjerke reparaasjes.

De âldste soan Schelte Edgers is boer en hat in komelkerij op'e Tsjaerddyk. Syn bedriuw omfiemet de hjoeddeiske hûsnummers 41-17. Schelte bliuwt frijfeint, mar wennet net allinne. Hy hat in húshâldster, Pietje Baukes, ôfkomstich út Hinnaard. Har âlden binne Bauke Sybes en Hiltje Jans. Pietje har heit is kûper yn Hinnaard.

Yn 1811, as eltsenien fan Napoleon in efternamme oannimme moat, neamt hy himsels dêrom ek Kuipers.

Ek Schelte moat yn 1811 in efternamme kieze. Hy kiest foar de namme Dijkstra, nei alle gedachten om't hy oan'e Tsjaerddyk wennet.


Dorpscanon van Folsgeare

De Tempel fan Folsgeare

Net allinne fan'e komelkerij op'e Tsjaerddyk nûmer 41-47, is Schelte Edgers ek eigner fan'e winkel anneks timmersaak op Tsjaerddyk nûmer. 42 en it perseel dêrneist. Dit perseel, no Tsjaerddyk nûmer 38-40, wurdt brûkt as grientetún.

Yn 1818 ferstjert Schelte op 65 jierrige leeftyd. Hy hat sa't it liket in goede en waarme bân mei syn húshâldster Pietje Kuipers krigen, want al syn bezittings gean nei Pietje Kuipers. Sy kriget net allinne it ûnreplik goed. Pietje erft ek in foar dy tiid flink bedrach oan jild. Pietje Baukes Kuipers is fan húshâldster no boerinne wurden en is dêrmei dúdlik ek in stik oantrekliker op'e houliksmerk. Yn 1820 trout Pietje op 44 jierrige leeftyd mei de folle jongere Hendrik Uiltjes Hoekstra út Terherne. Hendrik is pas 29 jier en as soan fan in skipper sil hy net botte ryk wêze. Hy fynt yn Pietje in goede partij.

Yn 1827 hiere Hendrik en Pietje de pleats Strûpenkeal foar fiif jier fan Ruurd Freerks Abma. Se ferlingje it hierkontrakt yn 1832 net en ferfarre nei Easterein. De komelkerij oan'e Tsjaerddyk wurdt ferhierd oant 1841 wêrnei't dizze troch Pietje Baukes Kuipers yn'e ferkeap dien wurdt.



Kadaster kaart 1832

LC 20-04-1841

De Notaris C. J. JORRITSMA, te Sneek, zal, ten verzoeken van Mr. H. HIDDINGA, Procureur aldaar, op Dingsdag den 27 April 1841, des namiddags ten 2 ure, ten huize van den Societeithouder *Heslinga*, te Sneek, finaal verkoopen:
Eene wel onderhouden en prompte HUIZINGE, met TUIN en GROND en 4 GRAVEN c. a., te Folsgeare; benevens 2 poltjes LAND, onder Nieuwland gelegen, in gebruik bij *Willem Sjerps Twijnstra*; zeer geschikt voor eene Bakkerij, Winkelhuis, Timmermans-affaire enz.; waarop in perceelen geboden is f 1073,50.

De komelkerij stie te keap en wurdt geskikt achte foar meardere doelen.

Dorpscanon van Folsgeare

De Tempel fan Folsgeare

De notarisakte omskriuwt de komelkerij as folget:

Ten earsten : Een boeren huizinge met hiemning, erf, pompen en annexen staande te Folsgeare nummer 9 Sectie D nummer 336 ten oosten en noorden de kerk van Oosthem, Abbega en Folsgeare, ten westen de kerk van Folsgeare, ten zuiden de dijk.

Ten tweede: Een stuk tuin gelegen over de dijk gelegen nevens het vorige. Sectie D nummer 333 Ten Oosten Hans Meinderts Kreger, ten westen Roel Uiltjes Hoekstra, ten zuiden de opvaart en ten noorden de dijk.

Ten derde: Twee poltjes land aan de Tsjaerddyk.

De komelkerij en de grientetún oan'e oare kant fan'e Tsjaerddyk wurde troch Pieter Willems Twijnstra kocht út namme fan Pier Wattes Zijlstra. Pier Wattes komt út Toppenhuzen en is trouw mei Froukje Wybrens Jaarsma fan Ysbrechtum dêr't se ek wenje. Pier Wattes is boer, mar foaral hannelsman yn ûnreplik goed. Hy lit it pân ferbouwe ta in smidderij mei fjouwer wenkeamers. De bewenners moatte it mei elkoar dwaan mei ien húske (sekreet) en ien wetterput.

Yn'e folksmûle wurdt it pân dêrnei "de Tempel" neamd, nei alle gedachten om't der safolle minsken by elkoar wenje.

Willem Johannes Nauta út Ljouweret wurdt yn 1841 de earste smid yn Folsgeare yn'e nije smidderij. Hy is yn 1817 trouw mei Trijntje Thomas de Jong út Snits. As grofsmid (smid dy't grutte izeren foarwerpen makket) fan it doarp docht hy ek it ûnderhâld fan it toeroerwurk. It libben as grofsmid yn Folsgeare wie net in fetpot. Nei syn ferstjerren op 27 april 1847 freget syn widdow oan'e gemeente in "Certificaat van Onvermogen". Se hat gjin jild foar de begraffenis. Willem Nauta wurdt op kosten fan'e mienskip yn Folsgeare begroeven.

Der komt net in nije smid. Tenei wurdt it ûnderhâld oan it oerwurk dien troch J.Fijlstra, oerwurkmakker út Snits.

Op 2 septimber 1859 ferstjerret Pier Wattes Zijlstra en yn febrewaris 1860 set widdow Froukje Wybrens Jaarsma de Tempel wer te keap.

De Notaris A. HAAGSMA te Sneek zal, ten verzoeken van H. B. VAN DER WAL, Deurwaarder aldaar, na bekomen autorisatie, op Dinsdag 14 Februarij 1860, 's namiddags 2 uur, ten huize van P. van Wijk, in de Witte Arend te Sneek, provisioneel veilen:

1. Eene hechte wel onderhouden HUIZINGE met Erf c. a., aan den Rijksweg te Folsgeare, vroeger tot Smederij gebruikt, bestaande uit verschillende Woonkamers; door Douwe Elzinga en anderen bewoond voor f 100 per jaar, groot 3 roede 60 el.
 2. Een BLEEKVELD, tegenover gemeld eerste perceel gelegen, mede aan den Rijksweg aldaar; in twee onderdeelen, geheel groot 2 roede.
 3. Eene nieuwgebouwde HUIZINGE, mede aan den Rijksweg aldaar; bewoond door de Wed. Meinte Klazes Zijlstra voor f 30 per jaar.
- Te aanvaarden 12 Mei 1861.

LC
03-02-1860

Dorpscanon van Folsgeare

De Tempel fan Folsgeare

Yn 'e notarisakte wurdt de Tempel as folget beskreaun.

Een hecht en sterk gebouw bestaande uit vier verschillende woonkamers allen voorzien van bedsteden kasten en haardsteden benevens zolderruimte alsmede het erf ten oosten dezes huizinge terwijl dat ten westen vanaf het stek wordt gevoegd bij perceel drie staande en gelegen aan den Rijksweg te Folsgara vroeger tot smederij gebruikt hebbende deze huizinge wijdens hecht dak benevens regenwaterbak, bekend ten Kadaster gemeente Nieuwland sectie D no 511 ter grootte van vier en twintig el en 512 gedeeltelijk voor het geheel groot drie roede en zes en veertig el

Nota: het bovengenoemde perceel is bevoorrecht met pad over perceel twee naar en van de sloot lopende bij langs perceel twee aan de zuidzijde

Yn 1870 wurdt de grientetún, it perseel tsjin de Tempel oer, ferkocht oan timmerman Pieter Willems Twijnstra dy't der in smidderij bouwt. Sybe Cornelis Nijdam út Drylts IJlst leit de earste stien fan 'e smidderij dy't syn skoansoan Lourens Lutgendorff hiere sil.



foto: útjowerij van der Meulen by Snits

Links de Tempel mei der tsjinoer de smidderij dêr't it úthingboerd 'gedipl. Hoefsmid' oan fêst makke is.

Dorpscanon van Folsgeare

De Tempel fan Folsgeare



foto: útjowerij van
der Meulen bv
Snits

rjochts de Tempel, links de smidderij

Yn 1871 wurdt in stikje grûn nêst de Tempel ferkocht. Hjir wurdt in hûske op boud, no Tsjaerddyk 47. De earste hierder is Gerrit Willems Twijnstra, de soan fan slachter Willem Sjerps Twijnstra (Tsjaerddyk 34-36).

De grûn dy't Pietje Baukes urf fan Schelte Edgers is no folboud.

Huizen en Smederij te Folsgeare.

De Notaris A. W. NAUTA te IJlst zal publiek, bij strijk- en verhooggeld, presenteren te verkoopen :

1. Eene in 1870 nieuw gebouwde HUIZING en SMEDERIJ met **Erf**, uitgezonderd het *Schiphuis*, staande en gelegen aan den rijdweg en de opvaart te Folsgeare, kad. gemeente Nieuwland, sectie D no. b 30, ad 2 ares; in huur bij L. Lutgendorf, voor f169 'sjaars, tot 12 Mei 1875.
2. Een hecht GEBOUW, bestaande er in 5 Woonkamers aan den rijdweg aldaar, door Douwe Elzinga en anderen bewoond, te zamen voor f173 'sjaars, sectie D no. 511, ad 24 centiare, en b 31, Huisen Erf ad 2 ares 51 cent.
3. Eene in 1871 nieuw gebouwde HUIZINGE met **Vóórbleek** aldaar, door G. Twijnstra bewoond voor f50 's jaars; sectie D no. b 32, ad 55 centiares.

Yn 1872 stiet de Tempel wer te keap. It gebou is ferboud, want der binne no fiif wenromtes yn it gebou.

Hessel Rintjes Boschma keapet de Tempel en hy lit it gebou op'e nij ferbouwe, no ta in wenienheid mei seis wenkeamers.

Sa wenje der begjin 1900 seis húshâldingen yn'e Tempel mei adres: Folsgeare 37 A t/m F

LC O6 -09- 1872

Dorpscanon van Folsgeare

De Tempel fan Folsgeare

Yn 1912 wurdt it pân te keap setten troch erfgenamten fan Hessel Rintjes Boschma en Bottje Wijnia.

Yn 'e notaris akte stiet beskreaun:

Vierde perceel :

Een huis , waarin zes woningen met erf cum annexis aan den weg in de buren van Folsgeare kadastraal sectie D nummers : 685, 686, 687, 688, en 689 samen groot twee are en 75 centiare waarin een woning is verhuurd tot den 12 Mei 1912 en de overigen tot 12 Mei 1913 aan Sytze Bijzet en anderen, samen tweehonderd twaalf gulden vijftig per jaar.

Nota : het onderhoud van het stek ten oosten is ten laste van dit perceel Het noordelijke stek moet worden onderhouden door de pastorie van Oosthem. Het onderhoud van het stek langs de westzijde is ten laste van de naastliggers aldaar. Dit pand heeft recht van medegebruik van twee stalten aan de dorpsvaart en recht van pad naar en van die stalten, onder verplichting om ze voor drie/vierde gedeelte mede te onderhouden.

Wijbe Wijnstra, kleanmakker yn Heech en Jitsche Gerbensma sûnder berop út Twellegea, binne de keapers fan 'e Tempel.

Woningen te Folsgeare.

Op tijd en plaats voormeld zullen tevens worden geveild :

Zes aaneengebouwde **WONINGEN** aan den weg in de buren te Folsgeare, thans in huur bij wed. Byzet, Caurinus e. a. samen voor f 220 per jaar, waarvan drie op 12 Mei 1919 en de andere drie op 12 Mei 1920 te aanvaarden.

L.C.13-01-1919

It pân wurdt as folget omskreaun yn 'e akte:

Yn 1919 dogge Wijnstra en Gerbensma it gebou alwer yn 'e ferkeap.

voegende oec 100 nummer 17.
Desde perceel.
Een huis, waarin zes woningen, met erf cum annexis, aanden Heg in de Buren te Folsgeare, kadastraal bekend Gemeente Kienvland Lee, tie 6 nummers 685, 686, 687, 688 en 689 samen groot twee are vijf en veertig centiare, verhuurd aan Caurinus en Weduwe Bijzet, elk voor zeven en veertig gulden vijftig cent, weduwe Jochem de Jong voor twee en veertig gulden vijftig cent, en de Wed. van Folsgeare twee en Pieterk Abma een voor elk zeven en veertig gulden vijftig cent. — Het onderhoud van het stek ten oosten is ten laste van het geveilde, dat ten noorden ten laste van de Pastorie van Oosthem en dat ten westen ten laste van den naastligger aldaar. Het pand is gerechtigd tot medegebruik van twee stalten aan de Dorpsvaart en recht van pad naar en van die stalten, onder verplichting om deze voor drie/vierde deel mede te onderhouden.

Dorpscanon van Folsgeare

De Tempel fan Folsgeare

Dit perceel was aan de verkoopers Kijstra en Jitsche Gerbensma Samen in eigendom aangeko-
men door overschrijving te Sneek den elfden 4^{ten}
pril negentien honderd twaalf deel 557 nummer
104, van processen verbaal van publieken verkoop
den zesden entwintigsten Februari bevoens door
notaris Goshuizer te Sneek verleiden.



PROCURATIE.

De ondergeteekenden :

1. WYBE WYNSTRA, kleermaker te Heeg,
2. JITSCH GERBENSMA, zonder beroep te Uitwellinger-
samen eigenaren van na te melden woningen door aan-
koop in het jaar 1912.

Verklaren mits dezen te volmachten den heer ABRA-
HAM SCHUURMANS, administrateur wonende te Sneek -----

speciaal om voor en namens hen over te gaan tot den -
openbaren verkoop ten overstaan van den notaris Wier
da te Ylst, van de hen samen behorende Huizinge waar
in zes woningen te Folsgeare, kadastraal bekend Gemeen-
te Nieuwland Sectie D nummers 685-686-687-688-689 sa-
men groot 2 are 75 ventiaeren; daartoe dagen en voor-
waarden van verkoop vast te stellen, de perceelen aan
den hoogsten solieden bieder in koop te gunnen, met -
dien verstande, dat, wanneer een der lastgevers hoogste
bieder blijft, deze geacht zal worden het perceel dan by
scheiding in het geheel te hebben verkregen; de leve-
ring te bewerkstelligen, vrywaring te beloven en ver-
der alles meer te doen wat de omstandigheden zullen -
medebrengen .

Gegeven ter woonplaatsen in Januari 1919.

aktes: Tresoar

De keaper is Harmen Bruinsma, dy't it perseel keapet foar F 1995,--

Perceel res voor de som van negentien hon-
derd vijf en negentig gulden f 1995 - aan den
heer Harmen Bruinsma, veehouder wonende
te Burgwerd, die hierby verschenen verklaarde
dit perceel in eigen naam in koop aan te nemen.

Dorpscanon van Folsgeare

De Tempel fan Folsgeare

Bruinsma ferkeapet it pân dêrnei ein 1919 troch oan Andries Bouma dy't yn 'e smidderij der tsjinoer wennet. Bouma makket fan trije wenningen in magazyn foar de smidderij. Sa bliuwe der dan noch trije wenkeamers oer.

Yn 1923 ferkeapet Andries Bouma de smidderij en hy ferhiert it magazyn yn 'e Tempel foar trije jier oan 'e nije eigner fan 'e smidderij. Dit is Beint Sipkes Douma.



Winkelman en foeraazjekeapman, fracht- en molkrider Minne Minnema en syn soan Klaas foar de Tempel om 1925 hinne.

foto: kolleksje Wybren Sweering

De lêste bewenster fan 'e Tempel is Trijntje Sweering-Breeuwsma. (beppe fan Wybren Sweering, sjoch finster Tsjaerddyk 32) Wannear't sy yn 1935 op 78 jierrige leeftyd ferstjerret, stiet it hiele gebou leech. It wurdt dan noch in pear jier brûkt as opslachromte troch foeraazjehanneler Feike Damstra (Tsjaerddyk 44). Begjin jierren fjirtich is it gebou in boufal wurden en wurdt sloopt..



Nei de sloop fan 'e Tempel brûkt Pier Cnossen it terrein regelmjittich foar opslach fan it hea.

foto: db Folsgeare

Dorpscanon van Folsgeare

De Tempel fan Folsgeare

It terrein bliuwt braak lizzen oant 1981/1982. Timmerman Jelle Wiersma út it doarp bout dan in nij hûs op it perseel (Tsjaerddyk 41) mei in timmerskuorre der njonken.. Yn 1983 fêstiget Jelle him mei syn frou Minke van der Goot yn 'e wenning..

Se wenje dêr oant 1990. De wenning en de timmerskuorre wurde dan ferkocht oan oannimmer Zijlstra. Dizze nije eigner ferkeapet yn oktober 1990 it wenhûs oan Anne en Eelkje van Dalfsen. Zijlstra is van doel om de timmerskuorre ôf te brekken en der twa nije wenningen foar yn it plak te bouwen. Safier komt it net, de eigner giet fallyt. De timmerskuorre wurdt yn 1992 ek troch famylje van Dalfsen kocht.



foto: Atse Bruin

Doe't de Tsjaerddyk yn 2009 renovearre waard, kamen ûnder de ôfgroeven grûn de fûneminten fan 'e Tempel wer foar it ljocht..

No is wer efkes goed te sjen hoe smel de Tsjaerddyk wie doe't de Tempel der noch stie.

Op it plak dêr't no ien hûs stiet, libben destiids seis húshâldingen.

Tsjaerddyk 41
anno 2021



foto Wytske Heida

Dorpscanon van Folsgeare

De Tempel fan Folsgeare

Spitigernôch binne der fan'e Tempel hast gjin foto's.

Om in idee te krijen hoe't it gebou der mooglik útsjoen hat, kin in ferliking makke wurde mei museum it "Earmhûs" yn Warten..

Yn dit gebou, in earmenhûs, dat yn opdracht fan de Nederlâns Herfoarme tsjerke boud waard yn 1893, wiene 6 wenningen. Trije nêst elkoar, mei de efterkanten tsjin elkoar oan.. Oan beide lange kanten fan it gebou koene de bewenners gebrûk meitsje fan in reinput en in húske. It gebou hat oant 1975 tsjinst dien as earmenhûs. Dêrnei is it museum wurden. Ien fan'e wenningen is noch hielendal yn'e oarspronklike steat bleaun.



foto's Wytse Heida



Dorpscanon van Folsgeare

De Tempel fan Folsgeare



foto Wytske Heida

Colofon

Tekst: A. Bruin, Wytske Heida

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: útjowerij van der Meulen bv. Snits, Atse Bruin, Wytske Heida, kolleksje Wybren Sweering, db Folsgeare, advertinsjes LC

Kaartsjes: Kadaster

Aktes: Tresoar

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.